

Nijsgjirrige dichters op Midsimmerjûn yn Westhim

De iene buoi jage freed-te-jûn de oare doe 't in aardige kliber folk tsjin tsienen biskûl socht efter de muorren en ûnder it tek fan it oan St. Bartholomeus tawijde tsjerkje op 'e terp fan Westhim, dat dêrre as in fingerwizing nei God tsjin de ieuwenâlde Himdyk oanplakt liket to wêzen. Op dit stee soenen, yn it ramt fan de kulturele aktiviteiten dy 't de Gerben Rypma Stifting elk jier op de wurklist hat te stean, in trijetal dichters út harren wurk foardrage: Elmar Kuiper út Húns, Ellen Deckwitz út Utert en Delphine Lecomte út Flaanderen. In internasjonaal selskip dus, dat yn earsten op it eardere tsjerkhôf as 'Midsimmernachtbarren' fan Eeltsje Hettinga presintearre wurde soe.



Mar Pluvius smiet dwerse kneppels en dus moast it yn it foar al neamde alternatyf – mar perfoarst net in mindere kar - yn it tsjerkje op priemmen set wurde. Fansels in plak poer geskikt foar minsken fan it wurd en harren harkers.


Delphine Lecomte, berne 1978 yn Londen, wennet yn Brugge en lit in tige eigen lûd hearre yn har gedichten. Har debútbondel 'De dieren in mij' spruts de lju dy 't kedize oer literêre prizen sa oan, dat der in oanrikkemandaasje útrôle foar de C. Buddingh'-priis, dy 't spésjaal ornearre is foar nij talint.

En it fornuvere gjin ien dat dy nominaasje forsulvere waard mei goud. Ek op dizze jûn falt har bûnte wrâld fan bylden tige yn de smaak by it omsittend laach, dat hast ta de doarren fan it tsjerkje útpuolle. Har taal, fartúch fan de siele, sa't skilder - dichter - komelker Gerben Rypma (1878-1963), dat

ynstrumint yn in gedicht omskreau, asemet fraai absurdisme op in mearkeftige wize út yn wurden, dêr 't se eat mei opropt fan dy lette midsieuwen sa 't dy picturaal stâl krigen hawwe fan Hieronimus Bosch en Breughel.



Heimsinnich en fol skiere bitsjuttings meandert, hinkelet se sigeseagjend as it lûd fan de mûlharpe fan Toots Thielemans troch de taaltún dy 't Nederlân en België dochs mienskiplik – it forneamde 'hebban olla uogalla nestas bigunnan hinase hic enda thu' - hawwe. Mar de Belgen hawwe yn de rin fan de tiid wol stadich in oar vokabulêre – en timbre, diksje - yn dy tún ta ûntwikkeling brocht. Faaks ek wat boartliker en minder ûnder ynfloed, sa 't it alteast liket, fan benammen de sa stadichoan as benearjend ûndergiene anglikaanske taalberhearsking. As in rynske tajeftje op it programma kaam nei wat oantrún fan de kant fan Eeltsje Hettinga har partner – mar dêrnjonken foaral har muze - Omer, dy 't lykas syn fiere genamt Homeros as in echte rapsode fan de kreake ôf oer it fuotljocht mei de foardracht (út de bleate holle)



fan Boerke Naas, skreaun fan Guido Gezelle, Bruggenaar, de preester/dichter fan Flaanderen en waans gedichten yn ús taal oersetten binne fan Gerben Rypma.

Ellen Deckwitz (berne 1982) wurdt biskôge as in literêre tûzenpoat. Boppedat spilet se net swak by yn de band 'Asfaltfeeën'. Op it poadium slacht se breed swee; dat resultearre yn 2009 yn it Kampioenschap Poetry Slam. Optredens yn De Wereld Draait Door, op de Nacht van de Poëzie en op allerhanne dichtersfestivals steane ûnderwilens op har kondwite-steat.



Foar har bondel 'De steen vreest mij' krige se ek de niisalneamde C. Buddingh'-priis. Har lêste bondel oant nou is 'Hoi Feest'. Se hat Nederlânske taal yn Grins studearre en hat ynfloed ûndergien fan C.O. Jellema, in erudite poëet, suver útskaaiend nei it klassike. Yn har wurk spilet religy gauris in rôl. Dêrnjonken sit der yn har teksten in protte koartswyl, sterk en ferrassend ferfrissele yn absurdistysk útwurke tsjinstellings, dy 't de harkers regelmjittich laitsje litte. In oanwinst foar de Nederlânske literatuur.

It partoer waard folmakke troch Elmar Kuiper (1969). Hy foarme de Fryske ynbring. Syn deistich brea fortsjinnert er as psychiatrysk ferpleechkundige. As dichter hat er mannich kear al de Rely Jorritsma-priis wûn, mar makket ek films en skriuwt toanielstikken, bygelyks 'de Lytse Kannibaal'. Hy is ien fan de skriuwers dy 't Fryslân dit jier fertsjintwurdigje sil op de Frankfurter Buchmesse.

Syn poëzij is somtiden lichtfuottich, mar kin de harker ek de wynbrauwen oplûke litte omt er eksplisite byldzjende



hannelings beskriuwt, dy 't kwa taalgebrûk besibbe binne oan it ûnderwerp fan dy hannelings; rau op 'e hûd. Syn deistich wurk komt yn syn dichtwurk ek ta utering, sit dan yn de hoeke fan skôging en oertinking, kontemplatyf oer dat wat west hat of dat wat der mei in minske barre kin; uteinlik is stjerre in oar perspectyf fan it libben, fynt er.

As lêste acte fan dizze slagge jûn kamen de dichters op oantrunen fan de organisaasje, mei, sa 't Kuiper dat neamde, in ketlingfers, in fabelgedicht tagelyk. Hy naam as earste it bytling yn de mûle. Sette it oer foar de Belgyske en Nederlânske kollega en dy koene der fierder oan tabreidzje. It bigjint benearjend, warskôge er it auditorium.



Agraryske bylden mei geile bokken waarden geandewei omtsjoend yn de groetnis út Boston. In moaie syklus fan gedichten dy 't jûn de premiêre belibbe. Elke dichter kaam twa kear oan bar. Nammers hat sa 'n ketlingfersesyklus tige populêr west yn Japan, dêr 't it yn de literatuur ûnder de namme 'renga' fan de 13e oant de 16e ieu foar master opsloech. By dy 'produksje' hie it keizerlike hôf fan de shogun, mei allerhanne betingsten en

foarskriften oer foarm en ynhâld, in tsjokke finger yn de brij.

Hjir wie gjin shogun, of it moast presentator Eeltsje Hettinga wêze, dy 't as in soarte fan paadwizer yn it foar de rjochting oanjûn hie. It risseltaat wie de muoite wurdich. Ta bislút kaam hy mei de suggestje dat de beide froulju eins in pear wiken yn it 'Arkje fan Rink' tahâlde soenen. Beide hienen dêr wol earen nei om mank petgatten, reiden en rusken in - net allinnich literêr - angeltsje út te smiten. Dy 'arkedichten' soenen dan ek rounom yn de provinsje – ûnder de wjukken fan de Gerben Rypma Stifting - oer it fuotljocht brocht wurde kinne.

Mei in tal Fryske, Ierske en Skotse ferskes, fersterke sanger Gerrit Breteler it ynternasjonale karakter fan dizze, wer tige goed slagge, midsimmerjûn op 'e Kat.



jpgHzn. Bewurke troch Gerben Rypma St.